

**NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2015****Ynlieding: de takomst fan de FFU**

Yn de jierferslaggen oer 2013 en 2014 hawwe wy ús de fraach steld oft de wet- en regeljouwing foar it Frysk as fak en as fiertaal yn it hiele ûnderwiis yn Fryslân (en dêrbûten) goedernôch is en de ymplementaasje neat te winskjen oerliet. Alle jierren moatte wy wer fêststelle dat soks noch alhiel net it gefal is en dat Frysk yn de oanbelangjende skoaltypen noch lang net it plak hat dêr't it rjocht op hawwe moatte soe. De striid foar echte lykwaardigens fan it Frysk is dus noch lang net striden. Yn dy jierferslaggen hawwe wy dat benammen wiidweidich yllustrearre foar it (fakultative) plak fan it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis, de ûnder- en boppebou fan it fuortset ûnderwiis en it beropsûnderwiis (benammen yn it mbû) (oan te klikken op: www.ffu-frl.eu ûnder 'Ferslaggen').

De oerdracht fan it foech oan de provinsje om kearndoelen te skriuwen foar it Frysk is beheind en De Haach hâldt altiten it lêste wurd. Fan echte autonomy fan ús Fryske oerheid is op dat mêd noch lang gjin sprake. Dêr is dus noch in protte te dwaan, mar de bestjoersleden fan de FFU hawwe net it ivige libben en sille har dus beriede moatte oer de takomstige foarm fan de takomstige striid foar it Frysk yn it ûnderwiis. Wy sille ús leden dêrfoar rieplachtsje moatte. Wy soene ús leden freegje wolle dy jierferslaggen nochris troch te lêzen en mei te tinken.

Ús ideeën en foar yntegraal trijetalige learmiddels hawwe wy by de skoalbegelieding en by de beliedsmakkers hieltiten mar wer op it aljemint brocht, mar ta konkrete resultaten of fêststeld belied hat soks noch net laat. Wol hat de in partikulier inisjatyf west fan Syb Muizelaar mei in biology-útjefte dy't yn dy rjochting giet.

Wy rêde it net sûnder jo jildlike stipe

Lju dy't ús in bedrach 'skinke' en dat ôflûke wolle fan 'e belesting, kinne dat dwaan troch dat oer te meitsjen op rekkennûmer NL55 INGB 0001 1234 45 o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging, Keetwâltsje 1, Ljouwert*, mei dúdlik de fermelding '**ornearre foar de FFU**'. Wy hoopje dan mar dat de Ried wer soarget dat it op ús FFU-rekken oermakke wurdt. De Ried is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*). Dat giet wolris mis. Sadwaande krije wy it jild leaver streekrjocht op ús eigen rekken. It ledejild kin oermakke wurde op NL17 INGB 0002 3560 38, o.n.f. *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag*. Wy trune derop oan om dat op 'e tiid te dwaan. Dan hoege wy net mei werhelle fersiken te kommen, dy't ús wer (better te brûken) tiid en jild (sluven en postsegels) kostje. Nei it ferdwinen fan de akseptgiro-kaarten is it op 'e tiid ynbarren fan it ledejild foar ús in probleem wurden. Ek al wie dat net de bedoeling, dochs wurdt it oermeitsjen maklik fergetten. Jo fine by de útnoegings foar de jiergearkomste altiten in strypke mei it bedrach en ús banknûmer. Wy freegje jo dêr begryp foar en kinne net oeral efteroan.

Eare wa't eare takomt

Sûnt 2012 alle jierren ien yn it sintsje dy't har of him yn de frije tiid tige fertsjinstlik makke hat foar it oerdragen fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiisdomein. Mar ek it befoarderjen fan it Frysk yn oare domeinen kin geunstige gefolgen hawwe foar it lesjaan en de learmiddels yn it Frysk en dus yn de beneaming komme foar in eare-oarkonde fan de FFU. Dêrby tinke wy ek oan it offisjeel ferfryskjen fan gemeente- en plaknammen, sadat dy yn de learmiddels, yn atlussen en op kaarten opnommen wurde moatte. En dus oerdroegen wurde moatte op takomstige generaasjes en sadwaande bewarre bliuwe en hieltiten wer brûkt wurde troch oerheden en yn it ûnderwiis.

Yn 2015 hawwe wy ús FFU-eare-oarkonden útrikt oan Bertus Jans Postma en Cor Jousma by de jubileumgearkomste fan de *Jongfryske Mienskip* op it Hearrenfean (20-11-2015). Se binne dêrby fanwegens harren striid foar it ferfryskjen fan toponimen yn it sintsje set troch ús foarsitter, Tom Dykstra, en de skriuwer, Sytze T. Hiemstra (sjoch ek ris op ús webstek by 'Útgien 2015').

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin fan 2015 út: Tom Dykstra (foarsitter), Sytze T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder; notulist fan gearkomsteferslaggen foar salang't der net in oaren foar is), Jehannes Elzinga en Saapke de Groot-Voolstra. Ed Knotter is ús fertsjintwurdiger yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*, mei Jehannes Elzinga as syn ferfanger. Tom Dykstra fertsjintwurdiget de FFU yn it Algemiene Bestjoer fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, mei Ed Knotter as syn ferfanger. Fanwegen eachswierrichheden fan de skriuwer (en dus reisproblemen) en omdat de measte bestjoersleden yn Drachten of omkriten wenje, hawwe de bestjoersgearkomsten by Hiemstra thús yn Drachten west. Wy hoopje lykwols yn de takomst wer wat faker by Klaske Straatsma-Westerhof, as har en ús sûnens dat talit, te Ljouwert gear te kommen.



Cor Jousma (lofts) en Tom Dykstra (foars.)



Sytze T. Hiemstra (skr.) en Bertus Jans Postma (rjochts)

Yn 2015 kaam it bestjoer 10 kear gear op: 29-01; 24-02; 26-03; 30-04; 20-05; 18-06; 3-09; 7-10; 12-11; 17-12. It slagge net om in gaadlike datum te finen foar in ledegearkomste; dy is ferskood nei 2016. Op 5 oktober 2015 binne der FFU-jierstikken oer 2014 ferstjoerd. Wy freegje de leden dy, mei de stikken oer 2015, te rieplachtsjen foar in gearkomste yn 2016 (ek oan te klikken op ús webstek). Wat de njonkenaktiviteiten oanbelanget, is der sûnt it foarige jierferslach amper wat feroare (sjoch dat fan 2014); allinnich is Jehannes Elzinga no de ferfanger fan Ed yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT).

B. Kontakten

1. Persoanen – Organisaasjes – Stúdzjedagen – Konferinsjes – Sympoasia, ensfh.

- 15-01-2015 (Dykstra), listlûkersgearkomste provinsjale ferkiezings yn *Tresoar*, Ljouwert;
- 15-01-2015 (Hiemstra, Knotter), ôfskiedsgearkomste fan Hiemstra en Knotter as bestjoersleden fan de *seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT), NHL, Ljouwert;
- 20-01-2015/27-05-2015 (Hiemstra; seksje Fryske VLLT), algemiene bestjoersgearkomste *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), Tresoar/Tryater, Ljouwert;
- 29-01-2015 (Dykstra, Elzinga, Hiemstra en Knotter), bestjoersgearkomste FFU by Hiemstra te Drachten. Elzinga syn earste gearkomste as FFU-bestjoerslid. Fierdere bestjoersgearkomsten, út en troch ek mei Saapke de Groot-Voolstra, yn 2015 op 24-02; 26-03; 30-04; 20-05; 18-06; 03-09; 7-10; 12-11; 17-12 by Hiemstra te Drachten;
- 09-03-2015 (Dykstra), AB-gearkomste Ried fan de Fryske Beweging, Ljouwert;
- 12-03-2015/21-05-2015/23-06-2015/01-10-2015/03-12-2015 (Hiemstra), bestjoersgearkomsten Fryske Rie, stedshûs, Dokkum;
- 14-03-2015/19-09-2015 (Hiemstra), bestjoersgearkomsten ('Vorstand') Ynterfryske Rie te Oyten en Bremen-Stuhr (Dsl.);
- 17-03-2015 (Dykstra); yn de rin fan 2015 hawwe Ate Westra en Jan Hettinga mei Dykstra neitocht oer it gearstallen fan in ploechje (jonge) learkrêften om it ûnderwiis yn it Frysk op de basisskoallen nij libben yn te blazen en in foarbyldfunksje te hawwen. Besocht is mei help fan kontakten (direksjes) yn it fjild sa'n promoasjegroep byinoar te krijen. Dat is net slagge en nei't troch oerspanning Westra útfoel, binne de aktiviteiten stopset; Âldehaske;
- 28-03-2015 (Dykstra, Hiemstra, Knotter), Sympoasium Sirkwy 'Fryslân en de Wrâld 2.0' oer kulturele fernijing, De Koperen Tuin (Prinsetún), Ljouwert;
- 01-04-2015 (Dykstra, Hiemstra), presintaasje fan Koen Zondag syn wichtige ûnderwiispublikaasje 'Annotearre bibliografy by Lange oanrin, koarte sprong' (2015), Tresoar, Ljouwert;
- 15-04-2015 (Hiemstra), oerlis yn it ramt fan de Fryske Rie op de Ostfriesische Landschaft oangeande it oersetten en it printsjen fan in Frysktalich struibrief oer de Opstalsbeam (fan belang foar de skiednis fan de Friezen en it ûnderrjocht), Au[w]erk/Aurich, Ostfriesland (Dsl.);
- 16-04-2015/04-06-2015 (Dykstra), oerlis mei frou Bianca Bijlsma-Smoorenburg fan it Fries Sociaal Planbureau oangeande har artikel yn it Friesch Dagblad oer de taalpolityk fan de VVE en it webstek www.meertalig.nl, dêr't alhiel gjin omtinken yn jûn wurdt oan it Frysk; Ljouwert;
- 22-04-2015 (Dykstra), kongres 'Meartalich ûnderwiis, in stap foarút', Afûk/Cedin/Stenden/NHL/SLO/ prov. Fryslân, Adverium, Drachten;

- 05-06-2015 (Hiemstra), algemiene gearkomste ('Mitgliederversammlung') op 5 juny fan de seksjes West, East en Noard fan de Ynterfryske Rie [ynter-Frysk kongres fan 5-7 juny] yn Westerland op Söl/Sylt (Nordfriesland, Dsl.)
- 26-06-2015 (Dykstra, Hiemstra), betinking by de Opstalsbeam (om kontakten te lizzen en ynformaasje te jaan oer it stribjen fan de FFU) te Rahe by Au[w]erk/Aurich (Ostfriesland);
- 24-08-2015 (Dykstra), AB-gearkomste Ried fan de Fryske Beweging, Ljouwert;
- 30-08-2015 (Hiemstra, Knotter), 'Bûter yn 'e brij'-festival oer prof. dr. Tony Feitsma (1928-2009) en har betsjutting foar it Frysk mei in boekpresintaasje 'Wittenskip en Beweging' (Wijdemeer, Ljouwert, 2015), Fûûns fwar it Frysk, Brantgum;
- 15-09-2015 (Hiemstra, Knotter), Akademia Papiamentu/SPLIKA, jubileumgearkomste 25 jierich bestean fan SPLIKA, Haags Historisch Museum, De Haach;
- 19-09-2015 (Elzinga), nei 'Swalk' (Fryske boek), tsjerke, Wier;
- 23-09-2015 (Dykstra, Elzinga), stipe foar oanbieding petysje oangeande de nije 'Mediawet' en de posysje fan Omrop Fryslân dêryn, by/yn it Provinsjehûs, Ljouwert;
- 26-09-2015 (Dykstra, Hiemstra, Knotter), Warns-betinking 'Kommende generaasjes' (ledewinning en ynformaasje jaan oer it stribjen fan de FFU; twa nije leden wûn), Reaklif, Warns;
- 28-09-2015 (Dykstra), mei Westra en Hetinga fan it promoasjegroepke in besite brocht oan Cedin. It Cedin is in fraach-organisaasje en kin pas wat dwaan as skoallen harren by it F3-netwurk oanslute. Der sil in protte oan reklame foar it Frysk dien wurde moatte yn de (sosjale) media om benammen de âlden te mobilisearjen. Nei it oerlis is yn it magazyn materiaal foar de lessen Frysk besjoen. Digitaal meartalich materiaal bliuwt noch in fromme winsk; Cedin, Drachten;
- 05-10-2015 (Hiemstra, Knotter), klearmeitsjen en ferstjoeren FFU-jierstikken oer 2014, Beetstersweach;
- 28-10-2015 (Dykstra), kontakt socht mei it bestjoer fan de Fryske Beweging (RfdFB) oer de komst fan asylsikers nei ús provinsje (ynboargeringkursussen en it Frysk; konsekwinssjes foar it ûnderwiis yn it Frysk as Syryske bern yn it reguliere ûnderwiis [ferplichte] opnommen wurde); de fraach is ek foarlein oan de Afûk (materiaal- en metoade-ûntwikkeling en it Cedin);
- 29-10-2015 (Dykstra), besite oan de Afûk; petear mei W. de Boer en A. Grypstra oer it ûntwikkeljen fan ferantwurde en goed ynsetber materiaal foar it Frysk. De metoade Studio-F wurdt fernijd mei mear digitale mooglikheden. Der is amper neitocht oer digitaal meartalich materiaal ('translanguaging') om sa de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis te fersterkjen. It biology-materiaal fan Syb Muizelaar ('Maitiid yn it lân') mei trijetalige oansetten wie harren net bekend; Afûk, Ljouwert;
- 06-11-2015 (Hiemstra, seksje Frysk VLLT), reislike EBLT nei twa taal- en kultuerorganisaasjes yn Grinslân (Grunneger Cultuurcentrum, Het Huis van de Groninger Cultuur, Scheemda) en nei Drinte (It Huus fan de Taol, Beilen), Scheemda/Beilen;
- 16-11-2015 (Dykstra, Knotter), oriïntearjend oerlis oer it oprjochtsjen fan in aksje- en ienheidskomitee foar wichtige doelen oangeande Fryslân en it Frysk (dêr't it ûnderwiis yn it Frysk dus ek ûnder falt), 'de Daaldersplaats', Snits;
- 18-11-2015 (Dykstra, Hiemstra, Knotter), 'Fierder mei Frysk 12', stúdzjemiddei/-jûn fan de seksje Frysk fan de VLLT, NHL, Ljouwert;
- 20-11-2015 (Dykstra, Hiemstra, Knotter), jubileumgearkomste *Jongfryske Mienskip* (útsprekken laudatio's en útrikken FFU-eare-oarkonden oan Cor Jousma fan Feanwâlden en Bertus Jans Postma fan Bitgummole), 'De Koningshof', It Hearrenfean;
- 07-12-2015 (Dykstra); oriïntearjend oerlis mei it bestjoer fan de Ried fan de Fryske Beweging oer de ynboargering fan asylsikers mei harren bern yn it gefal dat se hjirre in ferbliuwsfergunning krije. In groepke fan bestjoersleden (Bergsma, Valk, Posthumus) en Dykstra sille dêr fierder mei oan 'e slach en sykje ynearsten mear ynformaasje by relevante organisaasjes. Fragen: *stiet it Frysk gastfrijens yn 'e wei en moat it Frysk mar efter de foardoar bliuwe?*; Ljouwert.

C. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: 📧) en foar (ynkommen: 📩) de FFU.

Mei *(stjerke): oan te klikken op ús webstek (www.ffu-frl.eu).

Utgien:

- 15-01-2015 📧 FFU: bydrage FFU ornearre foar de Ried fan de Fryske Beweging en it listlûkersdebat

Foar it listlûkersdebat (Provinsjale Steaten), organisearre troch 'Fierder mei Frysk', hat de FFU 7 ûnderwiisknoppunten opsteld dy't de Ried fan de Fryske Beweging ynbringe koe yn de diskusje: (1) it Hânfêst en wet- en regeljouwing; (2) it beneamingsbelied; (3) it ûntheffingsbelied foar it Frysk; (4) it MBÛ; (5) de WEC; (6) HBÛ; (7) yntegraal trijetalige lear- en helpmiddels. Troch de organisaasje fan it debat binne ús punten net goed oppakt en hat it dus neat opsmitten. In teloarstellende gong fan saken mei in protte praterij oer saken dy't foar it ûnderwiis net liede soe ta in fierdere, o sa needsaaklike, ferplichting foar en bettere ymplementaasje fan it Frysk yn it hiele ûnderwiis. Ek it EBLT, dêr't de FFU lid

fan is, wie tige ûntefreden oer de minne tarieding en lieding fan it debat. Dúdlike, konkrete fraachstellings dy't mei 'nee' of 'ja' beäntwurde wurde koene, misten.

- **23-01-2015/02-02-2015/03-02-2015** 🚩 [1] **FFU: e-postbrieven (mei taheakke) oan deputearre Jeh. Kramer, de FNP-Steatefraksje en it FNP-bestjoer, Dingtiid**

Oprop (Hiemstra) om aksje te ûndernimmen om it frijbljuwend plak fan it Frysk yn de wet op it spesjaal ûnderwiis (WEC) te feroarjen yn in ferplichting. Dêr is gjin reaksje op kommen fan it FNP-bestjoer en Dingtiid (sjoch ek: *Nij Frisia*, nû. 2, juny 2015, s. 9-15, 'It Frysk yn it Spesjaal ûnderwiis: in ûnderwiistragedzje ...'; oan te klikken op www.ffu-frl.eu by 'Publikaasjes').

- **06-03-2015** 🚩 **EBLT: brief oan de Ried fan Europa en it Europeesk parlemint oer it ryksbelied foar it Frysk**
Brief oangeande de tekoarten yn it Ryksbelied foar it Frysk oangeande de ymplementaasje fan it Hânfêst ('Charter') en it Ramtferdrach ('Framework'), nei Straatsboarch en Brussel. De FFU is wiis mei dat EBLT-brief (de FFU is lid fan it EBLT).

***19-03-2015** 🚩 **FFU: brief foar de gemeente De Fryske Marren oer de taalnoata 'Frysk as it heal kin ...'**
Ynspraakstik (brief) fan de FFU mei kanttekenings, opmerkings en suggestjes om ta ferbettering te kommen fan it konsept fan de taalbeliedsnoata 'Frysk as it heal kin ...'. De klam leit dêryn benammen op de mooglikheden en winsklikheden op it stik fan it ûnderwiis yn it Frysk.

- **10-07-2015/10-08-2015/07-09-2015/11-12-2015** 🚩 [2] **FFU: e-postbrieven (mei taheakke) oan de Fryske Steaten en Dingtiid**

Omdat in reaksje (wer) útbleau binne fannijs oproppen (Hiemstra) útgien om aksje te ûndernimmen om it frijbljuwend plak fan it Frysk yn de wet op it spesjaal ûnderwiis (WEC) te feroarjen yn in ferplichting (sjoch ek by 'ynkommen', 11-12-2015).

- **03-10-2015** 🚩 **FFU: brief oan OC&W (steatssekr. S. Dekker) oer Omrop Fryslân en de Haachske plannen foar in 'Regionale Publike Omrop'**

De FFU protestearret tsjin dy plannen, dy't ek de Frysktalige edukative útstjoerings reitsje kinne.

***20-11-2015** 🚩 **FFU: útrikking eare-oarkonden oan Bertus Jans Postma en Cor Jousma**

Útrikking (mei laudatio) fan de 5de en 6de FFU-eare-oarkonde oan Bertus Jans Postma en Cor Jousma (20-11-2015, It Hearrenfean) fanwegen harren bysûndere fertsjinsten foar it Frysk yn it ûnderwiis (sjoch ek by *Sjerp & Jittik* foar foto's en in taspraak).

- [2015; s.j; s.pl.] 🚩 **KAG: rapport oer 'VVE'**

Rapport fan de 'Coördinatie- en Adviesgroep Fries Vroeg- en Voorschoolse Educatie (CAG Voorschools VVE) [28 siden].

Ynkommen:

***18-01-2015** 🚩 **Europeesk Parlemint makket wurk fan minderheidstalen**

It Europeesk Parlemint liket wurk te meitsjen fan nij belied foar it beskermjen fan minderheidstalen yn de Europeeske Uny (EU). De kommisje foar tradisjonele minderheden, nasjonale mienskippen en talen, ien fan de saneamde *yntergroepen*, dy't yn 2014 ôfskaft wie, komt no krêftiger werom. De kommisje bestiet út mar leafst 65 parlemintariërs út 21 lannen. It 'Manifest fan Straatsboarch' (17 april 2014) is dêr ek oan te klikken).

***06-03-2015** 🚩 **EBLT: 'position paper' foar de Rie fan Europa oangeande it Europeesk Hânfêst en it Ramtferdrach**

De FFU makket diel út fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT) en is der wiis mei dat dy organisaasje in stik skreaun hat foar de Ried fan Europa (yn twa talen oan te klikken), omdat Nederlân ('De Haach') sa goed as neat dien hat mei de oanbefellings dy't de Ried fan Europa op it mêd fan de minderheidstalen opsteld hat yn oktober 2012.

- **18-03-2015** 🚩 **Oprop fan de 'Feriening Freonen fan Omrop Fryslân': 'Friezen wurd wekker, de omrop stiet faai'**

Oprop fan foarsitter Andrys de Blaauw om yn aksje te kommen foar de selsstannigens fan Omrop Fryslân.

- **15-06-2015** 🚩 **Koalysje-akkoart 'Mei elkenien foar elkenien'**

Akkoart tusken fjouwer politike partijen yn de Fryske Steaten, mei omtinken foar in te ûntwikkeljen 'Deltaplan Frysk' om dy taal te behâlden en fuort te sterkjen en foar de beskikbere finansjele middels om dat doel te berikken.

- **18-06-2015** 🚩 **Oprop fan Kerst Huisman op Facebook ('Wysels Frysk selsbestjoer') om in akjekomitee op te rjochtsjen**

Oprop om in ienheidskomitee op te rjochtsjen dat bgl. strjitdemonstraasjes, 'sit-ins' en demonstrative kuiertochten yn de geast fan M. Gandhi en M.L. King organisearje kinne soe.

- **26-06-2015** 🚩 **Belied foar ûntheffing fan it fak Frysk**

Provincieblad 2015, nr. 367 oangeande de 'Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs'.

- **21-09-2015** 🚩 **Dingtiid: advys 'feroaring en ferbettering'**

Advys oanbean oan minister Plasterk fan Ynlânske Saken mei dêryn û.o. oanjûn it ferlet fan in skipper foar it Frysk op 'It skûtsje fan de Fryske taal'.

- 16-10-2015 🍀 Brief fan de Twadde Keamer oangeande ús FFU-brief fan 3 okt. 20125 oer de Omrop

Reaksje fan de fêste kommisje foar UK&W: 'De commissie heeft besloten dat de leden uw brief [sjoch by 'útgien'] desgewenst hebben kunnen betrekken bij het debat inzake Wijziging van de Mediawet 2008 in verband met het toekomstbestendig maken van de publieke mediadienst (34264) d.d. 8 okt. 2015. Het verslag van het overleg is te ziejntijd te raadplegen via de internetsite van de Tweede Kamer (www.tweedekamer.nl)' [w.t. 'de griffier van de vaste commissie voor Onderwijs, Cultuur en Wetenschap, Drs. Eveline C.E. de Kler]. Fan dat 'desgewenst hebben kunnen betrekken' wurdt de FFU noch net folle wizer!

- 21-10-2015 🍀 Fyfde periodieke rapportaazje fan Nederlân oangeande it Europeesk Hânfêst

'Vijfde periodieke rapportage inzake de maatregelen door Nederland getroffen met betrekking tot de implementatie van het Handvest' ('Europees handvest voor regionale talen of talen van minderheden') . Lykas bekend binne dy maatregels, neffens de FFU, oant no ta slim ûnfoldwaande

- 11-12-2015 🍀 Reaksje Steategriffy provinsje Fryslân e.o. op e-post FFU (Hiemstra) fan 11-12-2015

As reaksje op ús mail fan 11 des. 2015 (sjoch ek by 'útgien' 2015) oer it frijbljuwende plak fan it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis skriuwt de Steategriffy (Iepie Noordstra): 'Jo mail is yn goede oarde[r] ûntfongen en sil ta kundskip brocht wurde oan de leden fan Provinsjale Steaten. De stikken wurde pleatst op de list fan ynkommen stikken. It is oan de ferskate fraksjes oft sy ynhâldlik op jo mail réagearje wolle.' Ein 2015 en begjin 2016 binne der (noch) *gjin* reaksjes ynkommen fan Deputearre Steaten, de fraksjes (útsein de FNP-fraksje op 11-12-2015 fan Corlienke de Jong: 'Ik sil jo berjocht tiisdei yn de fraksje beprate') en Dingtiid!

D. Publisiteit

*Oan te klikken op ús webstek (www.ffu-frl.eu). In stikmannich artikels fan FFU-bestjoersleden oer FFU-aktiviteiten, dy't publisearre binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe't der publisiteit jûn is oan ús krewearjen yn de ûnderskate media (bgl. *Omrop Fryslân*, it ynternet of de wyk- en streekblêden). It oersjoch is dus beheind. Guon bestjoersleden reagearje út en troch ek op en yn (it digitale) *It Nijs* fan de *Ried fan de Fryske Beweging* of op it plak fan de FFU op *Facebook*.

Swingel (blêd fan de Ried fan de Fryske Beweging)

Artikels út *Swingel* binne (ek) oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/Mear_oer_de_Fryske_Beweging/Swingel. Ed Knotter skriuwt geregeld taalstikjes foar de *Swingel*. Alle kearen wurde spesifyk Fryske of aparte taalferskynsels besprutsen. Dat wie yn 2015 ek wer it gefal. Fierders bydragen fan Tom Dykstra (foars. FFU) en Jehannes Elzinga (bestjoerslid FFU):

- Swingel, nû. 44, maart 2015: in artikel fan Ed Knotter (ponghâlder FFU) mei as titel 'Apart dat Frysk' (s. 10).
- *Swingel*, nû. 45, juny 2015: in artikel fan Tom Dykstra ûnder de kop 'Krewearje foar in evaluaasjesysteem Frysk' (s. 6-8). De wegering fan de ynspesje yn 2010 om de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk te kontrolearjen as der gjin gaadlike toetsynstruminten komme, hat as katalysator wurke om sa gau mooglik objektive en falide te ûntwikkeljen. Op 22 april 2015 waard yn it *Adverium* yn Drachten in kongres holden foar it Fryske basis- en fuortset ûnderwiis oangeande it evaluaasjesysteem Frysk. Fierders yn dat nûmer noch in artikel fan Ed Knotter mei as titel 'Wol apart, dy brûkers fan ferskillende talen' (s. 26-27).
- *Swingel*, nû. 46, sept. 2015: in artikel fan Tom Dykstra en Jehannes Elzinga mei as titel 'It Frysk allinnich as 'thústaal' hat gjin takomst' (s. 13-15). It is in reaksje op in pleit fan Remco van der Leeuw fan de (eardere) stúdzjeferiening *Skanomodu* (yn de 'Opinie'-rubryk fan it *Friesch Dagblad*, 17 april 2015, s 26) om net langer te stribjen nei it Frysk as earste taal yn eigen taalgebiet, mar dy allinnich noch in rol spylje te litten as twadde of tredde taal, as de taal fan it 'thúskommen en thúswêzen', sa't Van der Leeuw dat neamt. Beide FFU-bestjoersleden wize der yn it *Swingel*-artikel op dat de Fryske Beweging altiten striden hat foar it Frysk as earste, fanselssprekkende taal neist it Hollânsk yn it eigen taalgebiet. Mei de politike filosoof Philippe Van Parijs is ek de FFU fan betinken dat eltse taal it rjocht hawwe moat om de wichtichste ('queen') te wurden yn it eigen territoar om de takomst treast te wêzen. Mei syn opfettings legitimearret Van der Leeuw in fûneminteel ûnrjochtfeardeige taalsituaasje, dy't it Frysk gjin takomst jout. Fierders yn dat nûmer noch in artikel fan Ed Knotter oer 'Wat apart, dat oardiel oer status en sa' (s. 22-23) en in reaksje fan Jehannes Elzinga op it ôfskaffen fan de lesore Frysk op it Marne Kolleezje te Boalsert (s. 24).

Nij Frisia (blêd fan de Jongfryske Mienskip)

Sytze T. Hiemstra hat in eigen rubryk yn *Nij Frisia*, 'Ús eigen taal'. Hy komt dêryn geregeld op de tekst oer it Frysk en it ûnderwiis. Ed Knotter en Tom Dykstra stjoere sa út en troch ek in bydrage yn. Knotter makket foar it blêd boppedat tekenings dy't it ûnderwiis en it Frysk ta ûnderwerp hawwe.

Yn *Nij Frisia* stiene yn 2015 û.o. de neikommende artikels:

- **Nij Frisia*, jrg. LXIV, nû. 1, maart 2015, s. 4-7: Sytze T. Hiemstra syn 18de ‘Ús eigen taal’ oer ‘*It grutte belang fan de bruorren Halbertsma foar de Fryske taal en kultuer*’. Fierders in ‘opmerklik’ stikje fan Hiemstra oer ‘*Minder bystân by minne taalbehearsking*’ (s. 7). Yn dit nûmer stiet û.o. ek it earste artikel fan Kerst Huisman oer eksonimen mei as titel ‘*Frysktalige kartografy: bydrage ta it ynsjoch dat it Frysk in folsleine taal is (diel I)*’ (s. 19-23).
- **Nij Frisia*, jrg. LXIV, nû. 2, juny 2015, s. 7-12: Sytze T. Hiemstra syn 19de ‘Ús eigen taal’ oer ‘*It Frysk yn it Spesjaal ûnderwiis: in ûnderwiistragedzje ...*’ Oanslutend in brief (d.d. 26-03-2005) fan Hiemstra (as skriuwer fan de FFU) oan de Steaten fan Fryslân (DS en PS) oer dy kwestje (s. 13-15). Fierders û.o. in ynliding fan Koen Zondag oer syn ‘*Annotearre bibliografy by Lange oanrin, koarte sprong*’ (2015; s. 4-8) en Kerst Huisman syn twadde artikel oer *Frysktalige kartografy* (eksonimen, diel II, s. 19-24).
- **Nij Frisia*, jrg. LXIV, nû. 3, sept. 2015, s. 10-13: Sytze T. Hiemstra syn 20ste ‘Ús eigen taal’ oer ‘*Nije ûnderwiiswetjouwing foar it Frysk en digitale differinsjaasjemooglikheden yn it fuortset ûnderwiis (I)*’ (skreaun mei Froukje de Vries). Fieders de taspraak fan Kerst Huisman by de *Opstalsbeam* op 26 maaie 2015 (s. 6-9) en syn tredde artikel oer *Frysktalige kartografy* (eksonimen, diel III, s. 19-21).
- **Nij Frisia*, jrg. LXIV, nû. 4 (jubileumnûmer, útjûn as ‘glimmer’), des. 2015: trije artikels fan Sytze T. Hiemstra fan elts sa’n 25 siden mei as titel ‘*Jongfriezen yn aksje foar ûnderrjocht en foarming yn it Frysk*’, oer de tiidrekken 1915-1945 (diel I); 1945-1975 (diel II) en 1975-2015 (diel III).

Leeuwarder Courant

**LC*, 29-10-2015, s. 20 (webstek: ‘Poadium’): út namme fan de FFU ynstjoerd stikje fan ús bestjoerslid Jehannes Elzinga oer it grutte belang fan Omrop Fryslân foar it learen fan Frysk troch Hollânsktaligen yn kombinaasje mei in Afûk-kursus Frysk.

Friesch Dagblad

- *FD*, 22-08-2015, s. 15 (‘Opinie’): artikel fan Saapke Voolstra, ek learkrêft yn it spesjaal ûnderwiis, oer in skoalle yn Glasgow dy’t folslein yn it Skotsk Gaelysk, in minderheidstaal yn Skotlân fan sa’n 1% fan de ynwenners, ûnderwiis jout. It is in foarbyld foar Fryslân, want op it stuit brûkt gjin inkelde skoalle yn Fryslân allinnich it Frysk as fier- en ynstruksjetaal.

E. Webstek FFU en digitale sosjale media

Wy binne mei ús eigen stee (www.ffu-frl.eu) op it wrâldwide web úteinset op 1 jannewaris 2005 en wurde frij geregeld besocht. Yn it jierferslach fan 2014 hawwe wy in wiidweidich oersjoch jûn (sjoch dêr). Omdat ús eardere teller kuren krige, hat Sytze Hiemstra jr. op 10 jannewaris 2015 in oarenien ynstallearre (One Stat.com) dy’t ús op de hichte hâldt fan ús ‘besikers’. Oan de ein fan it ferslachjier wiene dat 899 ‘pageviews’; it totaal oan unike besikers berûn 537. Trochinoar wurde wy twa kear deis besocht, mei 3 ‘pageviews’. De *FFU* is sûnt 2012 ek aktyf yn en op de digitale sosjale media, benammen op *Facebook*.

F. Doelstellings fan de FFU

De doelstellings fan de FFU hawwe wy werjûn yn de jierferslaggen fan 2013 en 2014 en binne, lykas boppe oanjûn, noch lang net berikt. Der sil noch hiel wat jierren fûleindich striden wurde moatte foar in folweardich plak fan it Frysk as fak en as fiertaal yn alle skoaltypen. Dat freget noch gâns ynspannings, ek foar de kommende generaasje Fryksinnigen dy’t ús ôflosse moat. Wy tidigje op jo/jimme goeried, stipe en help om ek yn de takomst dat wurk fuortsette te kinnen.

It bestjoer

